**MOASJE**

| |
|---|
| **Wurklistpunt**: 6. Moasje frjemd oan de oarder fan de dei |
| **Underwerp**: Werom foarderjen jild fan jeugdsoarchoanbieders |
| **De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op d.d. 2 july 2020** |
| **Fersiket it kolleezje**:<br>• De tefolle betelle bedragen oan alle soarchoanbieders folslein werom te foarderjen.<br>• Net tefreden te wêzen mei it senario dat werombeteljen plakfynt neffens in ferdielkaai.<br>• Sa folle as mooglik gjin saken mear te dwaan mei soarchoanbieders dy't wegerje de folsleine bedragen werom te beteljen.<br><br>En giet oer ta de oarder fan de dei. |
| **Taljochting:**<br>• By leveringen fan guod en tsjinsten is it net mear as gebrûklik om itjinge te beteljen wat jo ôfnimme en levere krije, dêr't foar betelle is.<br>• Der is oer 2018 troch 18 gemeenten, ek yn de gemeente Achtkarspelen, rom 8,5 miljoen euro tefolle útbetelle oan jeugdsoarchoanbieders. Foar de gemeente Achtkarspelen is it tefolle betelle bedrach berekkene op €775.000.<br>• In oantal oanbieders hawwe oanjûn it tefolle ûntfongen bedrach weom te stoarten.<br>• It wurkjen mei in ferdielkaai kin betsjutte dat de gemeente Achtkarspelen gâns minder werom krijt as it bedrach dat werklik tefolle betelle is.<br>• As gemeente kinne wy, mei it brûken fan mienskipjild, gjin saken dwaan mei ûnbetroubere partners. |
| FNP-Achtkarspelen, PvdA-Achtkarspelen, PVV-Achtkarspelen,<br><br>Hr. IJ van Kammen hr. T. Nicolai hr. H.J. Graansma |

Stemming:
Voor: FNP, PvdA, PVV en VVD (8)
Tegen: CDA, CU, GBA en GroenLinks (11)
Motie is **verworpen**.